



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LIV nûmer 1

maart 2005

ISSN 0166-6029

BGRUTSJEN MEI DE IMMIGRANT

*O iensume, earme immigrant,
dy't woe dat er thús bleaun wie,
dy't rekke op 't ferkearde paad,
nea echte freonen hie,
dy fingerflugge glêde man
fol leagen, niid en kwea,
dy't ôfkear fan syn libben hat,
en eanget foar syn dea.*

*O iensume, earme immigrant,
sa troch it libben skeind,
syn himel is fan iiskâld stiel,
syn triennen soere rein,
dy't yt mar ninter is er sêd,
dy't him te rêden leart,
fereale wurdt op jild en guod
en my de rêch takeart.*

*O iensume, earme immigrant,
dy't dûnset op syn noed,
dy't mei in mûlfol laitsjen dochs
syn stêden bout op bloed,
waans fiergesichten lang om let
ferbrizelje as glês,
o ja, ik ha te dwaan mei him,
syn fleur is wif as gers.*


Tekst: Bob Dylan. Fryske oersetting: Harmen Wind.

Songen troch Ernst Langhout op de CD 'Dylan yn it Frysk'.

Samlers: Jan Jongsma, Anneke Jousma en Bertus Postma. Opmaak en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Redaksje-adres: Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum (Tel. 0511-463869). Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. LYTS FRISIA: € 7,50. Lêsjild LYTS FRISIA: € 5,00. Giro 1069535 op namme fan: Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM.

EFA-MANIFEST jout hope, Mar freget in soad fan ús

Op 26 maart 2004 is der yn Barcelona in stik ûnderskreaun dat hiel wichtich wurde kin foar de takomst fan Fryslân. It is it manifest fan de Europeeske Frije Alliânsje foar de Europeeske ferkiezings fan juny ferline jier. De tekst fan dit manifest is sa wichtich, omdat dy nei alle gedachten tsjinje sil as útgangspunt ek foar takomstige ferkiezings dêr't de EFA oan dielnimme sil. Mear as tritich by de EFA oansletten partijen, wêrûnder de FNP, hawwe dit manifest ûndertekene. It manifest is rjochte op in 'Europa fan it ferskaat' en stiet yn it teken fan trije begrippen: subsidiariteit, sosjale rjochtfeardigens en sùvereiniteit.



Subsidiariteit wol sizze, dat it foech oer beliedsmêden dêr komt te lizzen dêr't it belied it bêste ta syn rjocht komme kin. De EFA ferklearret him dêrom tsjin in monolityske Europeeske Uny, dêr't de macht yn hannen is fan de grutte lidsteaten. De útdaging, sa seit it manifest, is no om in hieltyd breder wurdende dielname yn it politike proses te berikken fan alle folken fan Europa. Dat jildt likegoed foar dy mei as dy sûnder eigen steat. Opfallend is dat de EFA itselde rjocht ek takent oan regio's mei in markante eigen identiteit. De Alliânsje is ek foarstanster fan in mienskiplike bûtenlânske polityk fan de Europeeske Mienskip. Dy polityk heart yn it foarste plak rjochte te wêzen op it hanthavenjen fan de frede. Dat jildt foar skelen yn en bûten Europa.

Sosjale rjochtfeardigens seit himsels. Solidariteit, gelikenens en sosjaal wolwêzen fan en foar de boargers

hearre oan de basis te stean fan alle politike hanneljen yn de Europeeske Mienskip. Dat hâldt yn it foarste plak yn dat der stribbe wurde moat nei folsleine wurkgelegenheid en it op likense foet bringen fan de rjochten fan wurknimmers yn hiel Europa. Ek mei der gjin diskriminaasje foarkomme op grûn fan etnysk komôf, geslacht, godstsjinst, taal, âldens of seksuele ynstelling. It lânboebelied fan de Europeeske Mienskip moat ta foardiel wêze fan lytse produsinten, famyljeboerebedriuwen en fiskerijmienskippen. Soks kin it plattelân wer in ekonomyske bestansbasis jaan.

Sùvereiniteit hâldt yn, dat elts folk binnen it Europeeske ramt folsleine sizzenskip krijt oer syn eigen taal en kultuer en oer de maatskiplike en ekonomyske betingsten foar it bestean fan dy taal en kultuer. It feit dat in folk in eigen steat hat, kin net it iennichst betingst wêze om yn de Europeeske

Mienskip polityk erkend te wurden. Foaral it talitten fan in tal steaten út East-Europa sil de erkenning fan dit gegeven fuortsterkje. It EFA-manifest seit dan ek mei klam dat as it sa is dat de iennichste garânsje foar it polityk bestean op it Europeeske nivo it hawwen fan in steat is, der foar de folken sûnder steat neat oars op sit as ek in ûnôfhinklike steat yn it ramt fan de Europeeske Uny te wurden.

Dit hâldt nochal wat yn. Fan de kant fan de machthawwers yn Europa sil sein wurde dat dit manifest in fiergeande destabilisaasje fan de steatkundige ferhâldings yn Europa ynhâldt. Dêr hawwe hja fanút har eftergrûn gelyk oan. De EFA pleitet foar it yn folsleine frijhyd oangean fan gearwurkingsferbannen mei oan-

swettende regio's oer de steatsgrinzen hinne. Yn ús gefal soe soks betsjutte kinne: politike gearwurking mei de Dútske Fryslannen. De EFA wol besteande steatsstruktuieren trochbrekke, sûnder dêrby lykwols de sosjale, juridyske en maatskiplike ferwurvenheden dy't der tanksij dy steaten yn it resinte ferline opboud binne priis te jaan. It moat allinne steatkundich oars organisearre wurde as no it gefal is.

Dit sil net maklik realisearre wurde kinne. It freget yn elts gefal fan de kant fan de EFA en de folken sûnder steat in reewilligens ta politike aksje, dy't tige beret en moedich wêze moat. De kommende tiid sil útwize, oft wy dêr yn Fryslân ta by steat binne.

WEROM'T IT NET MEI IN 'JAARVERSLAG' TA KIN

1. *Alle minsken yn Nederlân wurde yn gelikense gefallen gelyk behannele. Diskriminaasje út reden fan godstsjint (...), geslacht of op hokker grûnslach dan ek, is ferbean. (Grûnwet, kêst 1) Foar steatssiktaryske frou De Graaff Nauta en de ministers Hirsch Ballin en frou Dales foel 'taal' dan ek ûnder dat 'op hokker grûnslach dan ek'. (Memoarje fan taljochting by it wetsûntwerp 'Feroaring fan de AWB, gearhingjende mei it brûken fan de taal yn it bestjoerlike ferkear', Twadde Keamer '93-'94, 23543.)*

B.J. Postma

2. Alle diskriminaasje, benammen dy op 'e grûnslach fan geslacht (...), taal (...), it hearren by in nasjonale minderheid (...) is ferbean. (Jeropeeske grûnwet diel II, kêst 21.1) Wat is in ferslach foar de ientaligen sûnder in eigentlích ferslach oars as diskriminaasje? It demokratyske stânpunt is, dat de boargemasters

der (ek) foar ús binne en wy der net foar har, dat se har ferslaggen (ek) yn ús taal - Biltsk, Stellingwarfsk, Frysk - skriuwe.

3. "Troch de aloan trochgeande yntegraasje is it besef sterker wurden, dat ienheid net op ienfoarmigens útrinne moat. It is sadwaande in ding fan belang, dat de kulturele iden-

titeit en it eigen karakter fan de ûnderskate Jeropeeske lannen en regio's ûnderkend wurde en bewarre bliuwe." (Majesteit yn Straatsboarch yn it fermidden fan de Rie fan Jerope, 25 juny 2002.) Is it dan net suver in keninklike opdracht, oan 'har' boargemasters earst en meast, om de spraken fan de Bilkers, Stellingwarvers en Friezen te hoedzjen en te noedzjen?

4. "In demokratyske rjochtsteat is der oan de behanneling fan in minderheidstaal út te kennen (...) As it der mei de achtinge foar it kulturele ferskaat mar min foarstiet, komme ek al gau oare rjochten yn 'e knipe." (A. Oostlander, âldlearaar fan Balkenende en âld-lid fan it Jeropeeske parlemint, yn in lêzing yn de Fryske Akademy op 17 maaie 1999.)
5. "Minderheden moatte de romte krije om har eigen identiteit te bewarjen. Steaten (en gemeentebestjoeren, BP) hearre achtinge te hawwen foar dy eigenheid en moatte ynsjen, dat dy identiteit in mienskiplik belang is." (M. van der Stoel yn Teater Romein op 6 febrewaris 1999.)
6. Benammen yn de rânegemeenten fan Brussel tsjogge de Flaamske boargemasters op tsjin de ferfrânsking fan har gemeenten. (LC, 18 septimber 2004.) It giet my net om it ûnderskie tusken Flaanderlân en Fryslân, mar om de oerienkomst fan dy beide, nammentlik in bedrige taalmienskip. Guon boargemasters hjirre

hiene net alhiel nei Museumplein en/of Malieveld ta hoegd om te demonstrearjen. Yn Diken hiene se protestearje kinnen tsjin it Hollânske boargerjierferslach fan de Kommissaris.

7. It Provinsjehûs wol ta op lykwaardigens en lykberjochting fan de beide grutte talen. As it der op oan komt, giet it der om dat wy foar fol oansjoen wurde. ('Fan Geunst nei Rjocht', april 1985.) Spitigernôch liken de beide streektalen gjin achtslaan wurdich west te hawwen.
8. Boargemasters binne der foar alle minsken, ek foar ús. De Jouster boargemaster: "Yn myn gemeente wurde twa talen praat en sadwaande is myn jierferslach dûbeltalich."
8. Yn Hollân wurdt de ûnferdraachsumens langer wat grutter en dêr is frjemd earst en meast slachtoffer fan. Te uzes bestiet likegoed in stik ûnferdraachsumens, mar dêr is eigen - eigen sprake, eigen folk - slachtoffer fan. En in boargemaster mei in ientalich, Hollânsk jierferslach-2004 mei har/him wolris efter de earen klauwe: sa'n ferslach is wyn op 'e mûne fan de ûnferdraachsumen. Hja/hy is sadwaande partijich.
9. Sûnder in hân út te stekken, sûnder in hantaast te dwaan, geane wy moai wis ta op in 'ein Volk, ein Reich, eine Sprache, ein Gedanken (...)', op in ienheidssteat. (LC, 12 juny 2001.) It soe guon boargemasters ek te tinken jaan moatte, tinkt my.



J. Jongsma:

Ta Oantinken oan Jan Bearn Singelsma

Op 8 jannewaris ferstoar yn syn wenplak Jellum ús lid Jan Bearn Singelsma. Hy waard 90 jier. Mei syn ferstjerren hat Fryslân in markante ynwenner ferlern. Fan 1966 oant 1979 hie er foar de FNP in sit yn de Steaten fan Fryslân. Fan 1970 oant 1978 wie de doe yn Goutum wenjende Singelsma ek nochris FNP-gemeenteriedslid fan Ljouwert.

Foar Fryslân en it Frysk hat er yn en bûten de polityk in soad dien. Sa hat er ûnder oaren mei oan de widze stien fan de Fryske Folkshegeskoalle op Skylge. Yn de tiid dat er yn de gemeenteried fan Ljouwert siet, waard de wyk Westeinde boud. Op syn útstel waarden de strjitten yn dy wyk nei Fryske skriuwers neamd. Yn de Steaten pleite hy der al fûleindich foar om de namme 'Friesland' te feroarjen yn Fryslân. Hy koe der doe lykwols gjin draachflak foar fine. It moat him goed dien hawwe, dat de namme Fryslân jierren letter in feit waard.

Jierren hat Singelsma foarsitter west fan de Feriening foar in Federaal Europa. It blêd 'De Federalist' dreau op him. Dêryn koe er syn tinkwize oer it federalisme kwyt. As FNP-Steatelid twong er ûntsach ôf. Hy waard bekend om syn krûdige en heldere útspraken. In hiel soad Friezen heucht fêst noch wol syn blomrike taal as foarumlid yn de Grutte Piershow, it radioprogramma fan Omrop Fryslân dat ein santiger en begjin tachtiger jierren wykliks útstjoerd waard.

Hoewol't er it leafst seeman wurden wie, gong er nei de kweekskoalle. Hy waard yn 1941 learaar oan de Rykslânbouwinterskoalle yn Ljouwert, letter de Middelbere Lânbouskoalle. Dêr wurke er oant 1979 en joech fakken as biology, maatskippijlear, Nederlânsk en Frysk. Foar de earste beide fakken brûkte er steefêst it Frysk as fiertaal. Syn âld-learlingen hawwe it noch altiten oer syn prachtige lessen mei boeiend taalgebrûk. De namme Jan Bearn Singelsma sil by party Friezen noch lang yn it ûnthâld bliuwe, ek yn it fermidden fan de Jongfryske Mienskip. Fryslân moat it tenei mei in Frysk strider minder dwaan.

J.J.:

'FEAR' FOAR GERTJAN VERBEEK

Op de nijjiersgearsit fan de Ried fan de Fryske Beweging wurdt alle jierren de saneamde 'Fear yn 'e broek' útrikt. Dy wurdt jûn oan in ynstânsje of in persoan, dy't him of har opfallend ynsetten hat foar de Fryske taal of kultuer. Ferline jier krige ús redaksjelid Bertus Postma de 'Fear' foar syn krewearjen foar de Fryske wetternammen. Op freed 7 jannewaris waard de 'Fear', in linoleumkeunstdruk fan Fedde Hoekstra, foar dit jier útrikt. De ûnderskieding gong nei Gertjan Verbeek, de nije trainer fan fuotbalklub Hearrenfean. Hy krige dy, om't er it

Frysk serieuus nimt. Hoewol't it noch net perfekt giet, besiket er dochs Frysk te praten yn fraachpetearen foar radio en televyzje fan Omrop Fryslân. De Ried fan de Fryske Beweging achtet dat wichtich, omdat de Fryske jongerein ferlet hat fan sokke oansprekkende foarbylden.

J.J.: IEPENLOFTSPUL BY ALDEBILTSYL

It Bilt fiert dit jier feest, om't de gemeente 500 jier bestiet. De skiednis begûn yn 1505 mei it klearkommen fan de oanlis fan de Alde Bilt dyk. Doe't der letter bewenning by dy dyk lâns kaam, ûntstie de langste strjitte fan Nederlân, mar leafst fjirtjin kilometer lang.

It 500-jierrich bestean wurdt it hiele jier fierd mei allerhande festiviteiten. Ien dêrfan is de opfiering fan in iepenloftspul yn it Biltsk mei as titel 'De wraak fan 't Wadwiif'. It skript is skreaun troch Hans Brands, dy't him ferdjippe hat yn de skiednis fan It Bilt. Dy skiednis hat er op humoristyske wize yn it iepenloftspul ferwurke.

Haadpersoan yn 'De wraak fan 't Wadwiif' is in man, dy't op gehaaide wize syn saakjes foar elkoar krijt. Hoewol't er allegeduerigen oaren foar syn karke spant, wit er de reputaasje fan hurde wurker op te bouwen. Krekt op it stuit dat er foar al syn wurksumheden huldige wurde sil, krijt er troch in mysterieuze ferskinning de rekken fan syn hanneljen presintearre. Hy sil syn skulden ferffenje moatte. In frjemde frou nimt him mei nei it ferline: it ferneamde arbeidersoproer, de Frânske tiid en it begjin, de oanlis fan de Aldebilt dyk dus. Stadichoan komt de Biltker ta ynkear. 'De wraak fan 't Wadwiif' wurdt regisearre troch Pieter Stellingwerf. It stik wurdt seis kear opfierd: 22, 23, 24, 27, 28 en 29 juny. It plak fan opfiering is in stik greide by Aldebiltsyl.

J.J.: IN BOEK OER DE LEEFBERHEID YN FRYSLAN

Yn it lêste nûmer fan LYTS FRISIA ha 'k it yn de rubryk 'Koart boekenijs' al oankundige: it boek 'It bêste lân fan 'e ierde' fan Johannes Spyksma mei as ûndertitel 'Oer Fryslâns leefberheid'. It is ferskynd yn de Doku-rige fan de Koperative Utjowerij.


De yn Sumar wenjende Johannes Spyksma hat jierrenlang PvdA-steatelic west. Hy promovearre yn 1994 op it ûnderwerp politike beynfloeding. Hy hâldt him al jierren dwaande mei de leefberheid fan Fryslân en hat in eigen leefberheidskonsept ûntwikkele: de weefmetoade. Yn 2001 skreau er ek in boek oer de leefberheid: 'It spul fan wearden en belangen: oer Fryslâns leefberheid'. Op dit stuit wurket er as adviseur en koördinator mei oan inkelde leefberheidsprojekten.

Neffens Spyksma stiet it der mei de leefberheid fan Fryslân net altiten like goed foar en falt der noch gâns te ferbetterjen. Dêrom jout er yn 'It bêste lân fan 'e ierde' dan ek suggestjes foar in oanpak dy't by dy ferbettering brûkt wurde kin.

'It bêste lân fan 'e ierde' bestiet út in rige essees wêryn't de skriuwer in byld jout fan de leefberheid, sa't dy him yn Fryslân op ûnderskate terreinen foardocht. It boek telt 160 siden en de priis is € 15.


☆ Yn de 'Kantsjeroasrige' hat Johannes Oegema fan Sutfen in nij dieltsje útbrocht. As nûmer 8 yn dy rige ferskynde 'Reisavontueren yn de Adria' fan Goasse R. Groustra. Yn 1991 reizgen Groustra en Johan Haring Cnossen nei in tal Jûgoslavyske eilantsjes yn de Adriatyske See. Groustra hat fan dy reis in deiboek byhâlden en dat is troch Oegema omstavere en no yn boekfoarm ferskynd. De útjefte is yllustrearre mei troch Cnossen makke kleurefoto's. Tafoege is in haadstik oer libben en wurk fan Goasse Groustra (1917-1996). It boekwurkje telt 70 siden, kostet € 15 (by tastjoeren ferhege mei € 1,56) en kin besteld wurde by Johannes Oegema, Lintelostrijtte 23, 7203 CS Sutfen. (Syn bankrekken is 93.50.05.641)

☆ De Koperative Utjowerij (Q) hat in roman fan Gerben Abma (1932) útbrocht. Dy hat as titel 'De Brek'. Abma hat in soad publikaasjes op histoarysk mêd skreaun, mar eartiids ek romans. As romanskriuwer debutearre er yn 1962 mei 'De útfanhûzer'. Dêrnei folgen 'De gersidders' (1969), 'De nacht fan in leechrinner' (1973) en 'Leafde op bitter lemon' (1973). No, mear as tritich jier letter, is dus syn fiifde roman útkommen.



☆ Leo Popma (1938) debutearre as skriuwer yn 1967 mei de fersbondel 'In weak reservaet'. Yn 1971 ferskynde syn earste roman mei as titel 'In kwesty fan hûd'. Dêrnei lei er de pinne del. Dy hat er nei't er út it wurk stapte wer oppakt. Yn 2002 kaam by de Friese Pers Boekerij syn ferhalebondel 'Himelsk ferwulf' út. Ein ferline jier brocht dyselde útjouwerij in roman fan him op 'e merk mei as titel 'De wraakingel'.

☆ De Koperative Utjowerij bringt in nije ferzje fan 'Morfeus yn de ûnderwrâld' fan R.R. van der Leest op 'e merk. De roman ferskynde foar it earst yn 1975 as it fjirde diel yn de rige romans mei Nier Hinnebruier en Dylte Planteit as haadpersoanen. It earste diel ('Komme dy Kopers') kaam yn 1969 út. De skriuwer hat 'Morfeus yn de ûnderwrâld' no sa bewurke, sa't er it ferhaal graach hawwe woe.



☆ De KFFB brocht yn febrewaris opnij in roman fan Anders Minnes Rozendal fan Ljussens út. Dizze kear is it in detektive mei as titel 'Moard oan 'e Monsmawei'. Rozendal ûntwikkelet him as in tige produktyf skriuwer, want it is yn koarte tiid al wer syn fiifde roman. Hy debutearre yn 2001 mei 'De muorre'. Yn 2002 ferskynde 'Grinzen foarby', yn 2003 'De

baas traktearret' en ferline jier 'Alles yn 'e macht'.

☆ It lêste nûmer fan it jier 2004 fan it literêre tydskrift 'Hjir' is in temanûmer. It nijsgjirrige nûmer fan mar leafst 68 siden is hielendal wijd oan de Fryske skriuwer en dichter Douwe Hermans Kiestra (1899-1970). Oanlieding is in troch Abe de Vries gearstalde blomlêzing mei fersen fan Kiestra, dy't op kommandewei is. By it gearstallen fan dizze rubryk wie de krekte ferskiningsdatum fan de blomlêzing noch net bekend. It Kiestra-nûmer fan 'Hjir' is te bestellen by: Piter Boersma, Terp 31, 8637 VH Wiuwert (Tel. 058-2501475).

☆ By de Friese Pers Boekerij ferskynde de tredde roman fan Henk de Haan fan Jobbegea. Dy hat as titel 'It skaad fan de draak'. De Haan debutearre yn 2002 as romanskriuwer. Doe kaam 'De nacht fan de stof-felstiennen' út. Yn 2003 ferskynde opnij in roman fan him: 'Marije' mei as ûndertitel 'Oarloch en leafde yn de Spaanske tiid'.

☆ It Kristlik Frysk Selskip brocht by gelegenheid fan de hûndertste jierdei fan de yn Grand Rapids wenjende professor Bearend Joukes Fridsma in freonebondeltsje út, dêr't yn in apart artikel yn dit nûmer fierder op yngongen wurdt. De titel is 'As de kimen gloarje'. It bondeltsje is te bestellen by de ponghâldster: T. Geertsma-de Roo, Feanhout 8, 9269 VL Feanwâlden, tel. 0511-477946.

☆ By 'De Oare Utjouwerij' yn Enschede kaam in prachtich útfierde fersebondel fan Eppie Dam t mei as titel 'Neigeraden it noarden'. De yn 1953 yn Kollumerpomp berne dichter giet yn syn fersen werom nei Noardeast Fryslân, dêr't er him as bern bleatlizzen fiede oan huver en "priisjûn oan it grutte sigen." De dichter ferwiist net allinne nei it gemis oan beammen yn syn berteplak, mar ek nei de kjeld en de neakenens fan in tiid sûnder freugde en ferbylding. 'Neigeraden it noarden' is de tolfde fersebondel fan Eppie Dam.



De Altyd Blinkende Batsen

*Twa kear deis oer wegen fan wurgens
mealde it slykfolk, oan 'e hals ta
yn learzens, lykmoedich de trapers:
earms op it stjoer, hannen gear
yn gebed mei de ivige
wyn - oan gjin sucht te fernimmen
oft de dei foar of achter har lei.*

*Twa kear deis, oan it illestyk
fan de breatromp, passearden
mei stielen gesichten de fytsen,
it glêdgroeven ark by stange lâns bûn:
de batsen, de altyd blinkende batsen -
dêr't him, al nei it waar, no ris in bui
en dan wer de sinne yn spegele.*

*Egaal is plicht syn pedaalslach,
foldien noch opstannich de mûle
dy't yn modder gjin brea,
yn brea gjin modder mear priuzwt.*

*Folk sûnder kjeld, sûnder fjoer,
it praat as in peuk op 'e lippen
dôve, it taaiste gom fan de dagen
fan it iene wang nei it oare ta kôgjend,
sûnder te witten wat yn en út klaai
de tinzen bedobben en bedjippen.*

Eppie Dam (1953)

((Ut: 'Neigeraden it noarden', 2004))



Wysheden of gewoan moai sein (7)

- ♥ As de hoanne in aai leit, kraaie de hinnen.
- ♥ "It komt krekt út," sei de boer, "de ko dea en it hea op."
- ♥ Better in skealike lape as in skandlik gat.
- ♥ "Alle frachtsjes lichte," sei de skipper en hy smiet syn wiif oerboard.
- ♥ Túch en ûnrant hoecht nimmen te siedzjen.
- ♥ Tusken bernewein en rolstoel leit in minskelibben.
- ♥ "De deugd yn 't midden," sei de duvel en hy rûn tusken twa pastoars.
- ♥ In ko ferjit wolris, dat hjasels ek in keal west hat.
- ♥ "Alles helpt," sei de duvel en hy smiet in flie yn 'e hel.
- ♥ Rêst sûnder doel is in fermôge stoel.
- ♥ De haat makket kreauwerij wekker, mar de leafde sljochtet alle misslaggen oer.
- ♥ As de Hollanners siik binne, hoege wy noch net op bêd.



FREONEBONDEL FOAR PROFESSOR FRIDSMA

En ... in brief fan him

Op 15 jannewaris waard ús lid prof. dr. Bearend Joukes Fridsma fan Grand Rapids hûndert jier. Yn it foarige nûmer ha 'k in stikje oer dizze warbere Fries yn Amearika skreaun. Dêryn spruts ik de winsk út, dat Omrop Fryslân it yn 2000 troch Geart de Vries makke televyzjeportret yn it ramt fan syn hûndertste jierdei nochris útstjoere soe. Dy winsk is werklikheid wurden. Op snein 16 jannewaris waard troch Omrop Fryslân omtinken oan dizze Fryske strider om utens jûn. Dat barde sawol op 'e radio as op 'e televyzje, dêr't jûns it hjirboppe neamde yndrukwekkende televyzjeportret alle folle oeren nochris wer te sjen wie.

Jan Jongsma

Op 15 jannewaris waard ús lid prof. dr. Bearend Joukes Fridsma fan Grand Rapids hûndert jier. Yn it foarige nûmer ha 'k in stikje oer dizze warbere Fries yn Amearika skreaun. Dêryn spruts ik de winsk út, dat Omrop Fryslân it yn 2000 troch Geart

de Vries makke televyzjeportret yn it ramt fan syn hûndertste jierdei nochris útstjoere soe. Dy winsk is werklikheid wurden. Op snein 16 jannewaris waard troch Omrop Fryslân omtinken oan dizze Fryske strider om utens jûn. Dat barde sawol op 'e radio as op 'e televyzje, dêr't jûns it hjirboppe neamde yndrukwekkende televyzje-

portret alle folle oeren nochris wer te sjen wie.

By gelegenheid fan syn hûndertste jierdei is in freonebondel of in 'liber amicorum' foar him ferskynd. Oan it 44 siden tellende bondeltsje hawwe alve skriuwers meiwurke, trije út Amearika en acht út Fryslân. De Amerikaanske skriuwers binne fansels, krekt as Fridsma, ek Friezen om utens. It binne Hendrik J. Baron, Wiebe Douwe Buursma en Lieuwe Meile Tamminga, alle trije fan Grand Rapids. Ut Fryslân binne bydragen opnommen fan Piet Hemminga, Jan Jongasma, Tiny Mulder, Bernard Smilde, Hylke Speerstra, Geart de Vries en Koen en Reinie Zondag. De einredaksje waard fersoarge troch Koen Zondag. De titel fan de bondel is 'As de kimen gloarje'. It is in (wat oanpaste) rigel út ien fan de fersen fan Fridsma. De bondel waard útbrocht troch it Kristlik Frysk Selskip, dêr't de hûndertjierrige al jierren lid fan is. Liuwe H. Westra, foarsitter fan it Selskip, skreau it foaropwurd.

It KFS organisearre yn de Martens-tsjerke fan Skearnegoutum - de tsjerke dêr't de yn dat doarp berne Bearend Joukes yn 1905 doopt waard - op 'e jûn fan snein 16 jannewaris in betinkingstsjinst. Dêr gongen Coby de Boer-Bergstra en Koen Zondag yn foar en waard meiwurking ferliend troch in gelegenheidskoar ûnder lieding fan Oane Reitsma.

Nei de tsjinst wie der in gearkomste yn doarpshûs 'Elim', dêr't de bondel presintearre waard. It earste eksimplaar wie fansels foar professor Fridsma, dy't dat op 'e dei fan

syn jierdei ûntfong. It twadde eksimplaar waard troch KFS-foarsitter Westra útrikt oan Hilly Bakker fan Skearnegoutum dy't yn de Prof. B.J. Fridsmastrjitte wennet. Sy waard net allinne útkeazen omdat se yn de nei Fridsma neamde strjitte wennet, mar benammen om't se deselde namme hat as de mem fan Fridsma: Hiltje Bakker.

Yn de tsjerketsjint waarden troch koar en gemeente lieten songen, dy't troch Fridsma yn it Frysk oersetten binne. Sawol de tsjint as de gearkomste yn it doarpshûs waard ôfsletten mei ûndersteand liet:

*Hear, wês mei ús oant in oare kear.
Wol oant wersjen oer ús weitsje;
lit gjin kwea ús rigen reitsje.
Hear, wês mei ús oant in oare kear.*

*Hear, wês mei ús oant in oare kear.
Wol ús mei jo wjukken hoedzje,
stypje as de stoarmen woedzje.
Hear, wês mei ús oant in oare kear.*

*Hear, wês mei ús oant in oare kear.
Wol de wegen foar ús sljochtsje,
ús net nei ús sûnden rjochtsje.
Hear, wês mei ús oant in oare kear.*

*Hear, wês mei ús oant in oare kear.
As wy wurch en warleas binne,
lit ús dan troch Jo oerwinne.
Hear, wês mei ús oant in oare kear.*

(Psalter Hymnal 316.

Oersetting: Bearend Joukes Fridsma.

75 jier lid fan de JFM

Nei oanlieding fan it artikel oer professor Fridsma dat ik yn it desimbernûmer fan 'Lyts Frisia' skreau, krige ik krekt foar de krystdagen in brief fan him. Dy brief wol ik de lêzers fan 'Lyts Frisia' net ûnthâlde en dêrom sitearje ik de haadsaken der út. Yn geef Frysk skriuwt er: "Okkerdeis krige ik fan de post it desimber-nûmer fan 'Lyts Frisia'. En wat stie dêr op 'e foarste side? In fers fan my! Ik tocht: Hoe komt dit? Mar doe't ik efkes fierder blêde, die it gau bliken dat ik dit te tankjen hie om myn kommende hûndertste jierdei.

Ik wol jo hjirby oprjocht betankje foar jo wurdearjende wurden. Se hawwe my goed dien. En wy sille hoopje dat de 15e jannewaris in moaie dei foar my wurdt. De bern binne fan doel om yn de neimiddei in 'iepen hûs' te hâlden yn it ûndergebou fan de Fuller Avenue tsjerke, dêr't ik lid fan bin."

Ut de brief docht bliken, dat Fridsma dit jier al 75 jier lid fan de Jongfryske Mienskip is. Hy skriuwt: "Ja, ik bin al yn 1920 lid wurden fan de Jongfryske Mienskip. Ik haw yn it ferline wolris briefwiksele mei Douwe Kalma, dy't ik noch altyd tige heech haw. Yn de tweintiger jierren haw ik gâns briefwikseling hân mei Teade Herder, dy't doe skriuwer fan de JFM wie. Ik haw doe wolris tocht oan it opstjoeren fan ien of oar oan 'Frisia' of 'De Nije Mienskip', mar dat is der doe by bleaun. En sjoch! Yn 2004 steane der twa fan myn fersen yn it Mien-

skipsorgaan!"

Fierder lit Fridsma ús witte, dat er wiis is mei de nije útfiering fan 'Lyts Frisia'. "It blêd hat no folle mear kleur en fleur en de print is ek gâns dúdliker. De rubryk oer de nije boeken fyn ik tige fan help by it bestellen fan nije útjeften by de AFUK. Ik lês noch altiten in grut part fan wat der yn it Fryske ferskynt."

Fridsma skriuwt dat er ynnommen is mei it stikje oer him. "Jo hawwe it ferrin fan myn libben goed beskreaun. Der is mar ien lyts dinkje, dat ik terjocht sette hoech. Ik haw nea 'Frisian News Items' "foar in grut part út eigen bûse betelle", allinne mar "foar in part".

Hy eindiget syn brief mei noch in rjochtsetting. Dy giet oer it 'Tankliet', dat op 'e foarside ôfprinte stiet. Yn de twadde rigel fan de tredde strofe stiet: "foar 't twilljocht dat ús sêft ferbûn". It wurdsje 'ferbûn' moat neffens Fridsma wêze: 'berûn'. By dizzen!

Professor Fridsma, ik tankje jo foar jo brief. Ik hoopje net dat jo it slim fine, dat ik der yn dit stikje út siteard haw. Ik wit dat ús lêzers soks op priis stelle. Ik winskje jo út namme fan it bestjoer fan de Jongfryske Mienskip en de redaksje fan 'Lyts Frisia' noch in sûne âlde dei ta mei in soad Fryske lêswille. Jo binne faak mei jo tinzen yn jo heitelân en ien ding is yn jannewaris hiel dúdlik wurden: Fryslân is jo noch net fergetten, sterker sein: party minsken yn jo heitelân hawwe noch altiten grutte bewûndering foar jo!

Brief oan Achttjin Boargemasters

"Wy sille meinoar en op alle mooglike manieren it Frysk stypje en dan mar ris sjen wat ien en oar kostje sil." (De âld-ofsier en takomstich rjochter, mr. H.T. van Voorst, as PvdA-riedslid yn de Frjentsjerter riedsgearkomste fan 5 septimber 2002.)

De boargemasters fan Achtkarspelen, Dantumadiel, Ferwerderadiel, Gaasterlân-Sleat, Frjentsjerteradiel, It Fean, Harns, Het Bildt, Kollumerlân, Lemsterlân, Ljouwert, Ljouwerteradiel, Nijefurd, Ooststellingwarf, Opsterlân, Smellingerlân, Tytsjerksteradiel, Weststellingwarf.

Tige achtbere Boargemasters,

- a. *De seis boargerjierferslaggen-2003 fan jim kollega's yn Boarnsterhim, Dongeradiel, Littenzeradiel, Skarsterlân, Snits en Wymbritseradiel binne alle gearre al dûbeltalich skreaun. It sânde, yn Wûnzeradiel, is ientalich Frysk. Gauris fan oarehelte beselskippe, haw ik jim oan west mei it fersyk om tenei yn 'e ferslaggen de talen fan jim gemeenten - Biltsk, Stellingwarfsk, Frysk - likefolle omtinken te jaan as it Hollânsk. Dêr't it my net ûntkommen is, haw ik de tasizzing dien dat ik jim myn ûnderfinings tastjoere soe en de fertuten fan alle reizgjen. Bûtensteander yn dizze taalsaak bin ik net, dat de oantekens binne iensidich en partijich. Jim sille dêr ynkomme kinne.*
- b. *Sân fan jim - yn Bûtenpost, Damwâld, Ferwert. Oosterwoolde, Stiens, Warkum en Wolvege - woe myn útstel wol oan. Har ferslaggen-2004 sille sa goed as wis en sa goed al hielendal dûbeltalich wurde. Ut it Ferwerter ferslach-2003: "Met ingang van 2004 zal het burgerjaarverslag zowel in het Nederlands als in de Friese taal verschijnen."*
- c. *Yn Balk en op 'e Lemmer soe it 'ja'- of 'nee'beslút foar heal desimber falle, yn Boalsert en Kollum nei alle wierskyn yn jannewarismoanne. Yn St. Anne waard de dûbeltaligens nijsgjirrich achte, mar it koe noch gjin 'akkoart' lije.*
- d. *As lêsten de sân 'nee'sizzers yn Burgum, De Sweach, Drachten, Frjentsjer, Harns, It Fean en Ljouwert.*

Ik hie betocht:

1. *de measte gemeenten hawwe in taalbeliedsplan;*

-
2. yn de taal fan it Provinsjehûs binne gemeentehuzen (boargemasters, kolleezjes, rieden) 'spearpunten fan taalbelied';
 3. op ien, twa nei hawwe de 27 rieden mei it Twiebaksmerkkolleezje akkordearre yn de saak fan de wetternammen;
 4. like ienriedich as de rieden oer ús wetternammen prakkesearren, soene jim mei jim 18-en jim ferslaggen dûbeltalich skriuwe;
 5. wy binne no in nasjonale minderheid, de iennichste yn Nederlân;
 6. yn Fryslân en op oare plakken yn Jerope wine de oerheden har tsjintwurdich yn alle bochten om besteande minderheidstalen te bewarjen (LC, 27 novimber 2004);
 7. by it boargemastersamt yn it lân fan in nasjonale minderheid hearre taalplichten (Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden).

Mar yn de sân gemeentehuzen, ûnder d. neamd, koe ik mei myn útstel opwaaie en telden myn arguminten net. Ien fan de sân hie 'minne' ûnderfinings mei syn dûbeltalich ferslach-2002 en woe net nochris. In oarenien sei dat syn boargers krekt genôch gemeentefrysk liezen en foar wer in oarenien hiene Hollânsk en Frysk gjin takomst mear en mocht ús taal earst nei gichem gean.

De oare fjouwer boargemasters haw ik net iens sjoen. Ien fan dyen hie in aldernijsgjirrichste skriuwster fan it slach 'ik en de boargemaster', in oarenien joech my likemin de mooglikheid om him te bepraten - in amtner klage de hûndert út oer de lânstaal yn dat gemeentehûs. Nûmer trije liet syn haadfoarljochter sizze: belied is, dat alle offisjele stikken yn it Hollânsk skreaun wurde (en Fryske oersettings-deropta op hals en kiel ferbean binne, tink?) De fjirde haw ik neitiid skreaun:

"Ik hie, efkes mar, mei jo prate wollen. Mar oars as fierwei de measten fan jins kollega's woene jo dat net lije. De wachters oan de poarte seine fan 'nee' doe't ik der foar stie, as wie ik in bakjerinder mei syn hannel. En efterhûs kaam my suver itselde oer. 'It is (...) in drama om dit paleis út te kommen', wie ien fan jins útspraken. (LC, 6 novimber 2004) Grutter drama as jowes lykwols wie mynt: it besykjen om dy festing fan jo yn te kommen mislearre jammerdearlik."

It stiet wol fêst, dat de sân 'nee'sizzers de grutte taalgroep diskriminearre hawwe, de taheak is der bewiis foar. De Stifting Rekkenskip sil it wol ergere hawwe. Foar de Drachtster, Feanster en Ljouwerter ferslaggen-2003 wiene yn dyselde folge de sifers 3.7, 3.9 en 4.1. 'Vette onvoldoende burgervader Drachten' (LC, 4 novimber 2004). It wie fansels eigen skuld, de skriuwers hiene har bêst

dien, ien fan de beide grutte talen hie har te min west. Mar dûbeltaligens hie no krekt dûbelde sifers oplevere: ($2 \times 3.7 =$) 7.4, ($2 \times 3.9 =$) 7.8 en ($2 \times 4.1 =$) 8.2!

It foel my op - om net te skriuwen 'ôf' - dat eins nimmen besocht hat om myn arguminten te wjerlizzen, dat ik amper ferwar krigen haw. Hjir en dêr wie it fan 'it is net fergees'. Ik wit net, ik wit net. Ik haw in stik as acht suver noch gloednige gemeentehuzen sjoen, paleizen allyk. Oare binne of wurde noch grutter makke, ien komt rillegau in nijen foar yn it plak. In oar kontra-argumint wie 'ik sit krap yn de oersetters'. (0, 1 of 2) En dat yn it jier 53 nei K(neppelfreed), en yn it jier 19, rekkene fan '**Fan Geunst nei Rjocht**' ôf.

Yn de ferhopinge dat de sân 'nee'sizzers har nochris efter de earen klauwe sille en jim alle achttjin yn alle oprjochtens 'Seine yn it Nijjier' tawinskjende,

Mei Bitgummoolster achtinge.

In print fan it boppesteande oan jim kollega's yn Boarnsterhim, Dongeradiel, Littenzeradiel, Skarsterlân, Snits, Wymbritseradiel en Wûnzeradiel.

Bitgummole, 14 desimber 2004.

In freonlik fersyk oan ús leden en lêzers om it lidmaatskipsjild (€ 7,50) of it lêzersjild (€ 5) foar 2005 oer te meitsjen op giro 1069535 op namme fan SKATHALDER FAN DE JONGFRYSKE MIENSKIP, Tj. H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Bur-gum. Brûk by it oermeitsjen net de ôfkoarting JFM, want benammen RABO-bankrekkenhâlders krije dan gauris berjocht, dat dy namme net by it gironûmer past en dat it jild dus net oermakke wurde kin. Inkelde lêzers wiene sa attint om de bydrage foar 2005 al oer te meitsjen. Tige tank dêrfoar. Spitigernôch binne der ek noch in pear lêzers dy't de bydrage oer 2004 noch net oermakke hawwe, ek al hawwe se twa kear fia in yn-lein strypke in fersyk ta betelling

hân... Wy hoopje dat sy tagelyk mei de bydrage fan 2005 ek noch dy fan 2004 oermeitsje wolle.

It twadde nûmer fan 'Lyts Frisia' ferskynt yn juny. Foar dat nûmer moat de kopij foar 15 april binnen wêze. Wy stelle in stikje fan ús leden en lêzers tige op priis. Wy stribje nei mear ferskaat oan skriuwers. Wy tinke dan benammen oan bydragen op it mêd fan taalkunde, literatuer, skiednis, Frysk ûnderwiis en Fryske striid. Foar it septimbernûmer moatte de bydragen foar 15 july binnen wêze en foar it desimbernûmer foar 15 oktober. Kopij opstjoere nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Bur-gum. Foar ynformaasje: tel. 0511-463869.